

In soad moaie fynsten en in âlde falkûle

FD 10-05-2008

troch Yvonne Dijkstra

Eilânreis, de nije novelle fan Klaske Hiemstra, is lykas har foarige roman *It rinnen fan Silke* wer in typysk adolesinteferhaal it neist. It ferhaal en de útwurking binne lykwols in stik tinner as by de foargonger, al bliuwt it in sterk punt dat Klaske Hiemstra har sa goed yn de tinkwrâld fan har jonge personaazjes ynlibje kin.

As Mieke út skoalle wei komt fynt hja har suske Sanne allinnich thús. Harren mem is der net en dat is oars neat foar har, dat Mieke beslút om har mem te sykjen. Tegearre mei Sanne en in skoallegreontsje dy't hja efkes letter tsjin it liif rinne, geane se op wei. Mar wêr sykje jo in mem dy't wei is? De trije bern wurde nei

'it eilân' dirigearre, want 'elkenien dy't wat siket, giet nei it eilân'. No soe dat ek hiel goed jilde kinne foar bygelyks de waadeilannen, mar it docht bliken dat yn Eilânreis in soarte fan mearkewrâld bedoeld wurdt, dy't him oanpasset oan de syktocht fan de reiziger. Al nei gelang de syktocht feroaret it lânskip; lykas yn it echte libben rint eltsenien syn eigen paad.

Oant safier is it idee hiel aardich, en it ferhaal befettet in soad moaie fynsten. De mearke-efrige figueren bygelyks dy't oer it hiele eilân opdûke. Grutte Pier wurdt noch efkes opfierd as byfiguer en de twa âlde minskjes mei harren koer fol iten lykje wol linea rekta út in mearke weistapt te wêzen. Ek de magyske foarwerpen binne aardich fûn. De

fearboat dy't Mieke en har reisselskip nei it eilân bringt, liket op it each gjin stjoerman te hawwen en as de bern harren de jûnes deljouwe om te sliepen, blykt de grûn lang sa hurd net as liket. De oertocht moat betelle wurde mei in ferhaal of in oar keunstke en ek op it eilân betellet de iene geunst de oare. Sanne, it suske dat yn de echte wrâld 'net sa goed tinke kin as oare bern', blykt op it eilân ynienen wol foar fol meidwaan te kinnen en tuskentoch krije we ek noch oer it hje en wat te hearren fan it feit dat Sanne net altyd west hat sa't hja no is.

Lykwols, krekt as it ferhaal wat op stoom komt, stapt Hiemstra spigtigernôch dochs wer yn har âlde falkûle: tefolle útlizze en ferwurdzje wolle wat de lêzer sels al dúdlik

wurden wie. Hiemstra timmeret har ferhaal op it lêstoan noch efkes pot-ticht; in kwaan dêr't hja yn *It rinnen fan Silke* ek al lêst fan hie. It wurket as in kâlde douche, sa'n ferteller dy't gjin inkele fidúsje hat yn it selstinkend fermogen fan har lêzers en earliksein waard ik der wat wrantelich fan. Krekt as dat ek it hege pseudopsychologyske jeuzelpraat-gehalte sa no en dan wrantelichheid oprôp. Seker omdat der neat fan betsjutting útkomt, wylst jo mei in mearke dochs wol wat ferwachtsje as it op in boadskip oankomt. Nim no Tsjisse, in folwoeksen man dy't sykjende is en in stikje mei de trije bern opreizget. Koart troch de bocht lûkt hy dizze einkonklúzje: ik hâld fan bern en ik hâld fan helpen, dus doch ik in kursus en wurd ik ûnder-

wiisassistint!' Nei 78 siden syktocht op in mearke-eilân, falt safolle konkreetheid my wat te kâld op 'e lea!

Oer de ein is ek noch wol wat te sizzen. As de bern mei Tsjisse en Johan weromkomme en mem thúsfine, stelt mem harsels foar en freget dan oan Tjisse en Johan: 'en wa binne jim?' Mar earder yn it ferhaal wiene hja no krekt yn de kunde kommen mei Tsjisse omdat dy as twa drippen wetter liket op syn twillingbroer, en dat is de freon fan mem?! Soe dat ek wer ien fan dy mearke-efrige aspekten wêze of dochs gewoan in flater? Ach, wa wit leit it oan my en bin ik faaks al te âld om yn mearkes te leauwen!

Hjir besprutsen: Klaske Hiemstra, Eilânreis, novelle, útjouwerij Venus, 9,50 euro